

| <i>Street View dyn taal</i> | | | | | | |
|--|---|--------------------------|-------------------|--------------------------------|-------------------------|------------------------------------|
| Doelgroep leeftiid | Doer | Materiaal en helpmiddels | Klasse ferdieling | Oanpak fan 'e les | Lokaasje fan aktiviteit | Ynterdissiplinêre konneksjes |
| Fuortset ûnderwiis (12-16) | 1 oere | Laptop/tablet/tillefoan | yndividueel | Ûndersyk - Refleksje - Analyze | Op skoalle | sosjale wittenskippen - Taallessen |
| Gearfetting fan aktiviteit (max. 50 wurden) | Foarôfgeand oan dizze les binne learlingen begûn mei it learen fan in taal op Duolingo. De learlingen sille op Street View sykje nei harren learde taal en talen dy't sy noch mear sjogge. Dit kin bygelyks dien wurde yn in gruttere winkelstrjitte yn in selskeazen stêd. | | | | | |
| Leardoelen | krytysk taalbewustwêzen ferheegje - LL ûndersykje - in wiidweidich begryp fan LL - bewustwêzen ferheegje fan taalferskaat - eigen ûnderfiningen pleatse yn 'e kontekst fan LL - LL ûnderfine | | | | | |
| Stap foar stap ynstruksje | Stap 1 Sykje in stêd út yn it lân dêr'tsto de taal fan oan it learen bist. Sykje hjir in winkelstrjitte op Google Maps. Iepenje Street View. | | | | | |

| | | | |
|---|--|--|---|
| | <p>Stap 2 Rin firtueel troch de strjitte hinne. Skriuw op hokker talen asto tsjinkomst op bygelyks de gevels, posters en advertinsjes. Hâld ek by hoe faak oftsto de ferskillende talen tsjinkomst.</p> <p>Stap 3 Analysearje watsto by stap 2 tsjinkaam bist. Sprek dit lûdop yn op dyn tillefoan. Beäntwurzje op syn minst de folgjende fragen:</p> <ul style="list-style-type: none"> - Hokker taal hiesto leard en wêr hast firtueel rûn? Hoe fier hast rûn? - Wat hast sjoen? - Hoefolle fan dyn learde taal hasto sjoen? - Hokker oare talen hast sjoen? - Wêr waarden dy talen foar brûkt (reklame, ynformaasje, offisjeel boerd)? - Hoe fûnst dizze opdracht? - Hiesto al ris fan taallânskip heard? - Fûnst it leuk om te ûntdekken hokker talen brûkt wurde yn de iepenbiere romte (winkels, gemeentehûs, advertinsjes)? | | |
| <p>Mooglike oanpassings</p> | <p>De opdracht hoecht net yn it ramt fan in nij learde taal dien te wurden. Learlingen kinne ek firtueel troch harren eigen doarp of stêd rinne. Of troch in sels keazen oare lokaasje.</p> | | |
| <p>Ferwachte kompetinsjes / feardigens</p> | <p>Taal: lêze - prate - oare talen werkenne</p> | <p>Fakkennis: Net fan tapassing</p> | <p>21st-ieske feardigens en kritysk tinken: kompjûtergebrûk - beskriuwing - refleksje - boargerskip - oerdraachbere feardichheden</p> |
| <p>Fereaske kompetinsjes / feardigens</p> | <p>Taal: lêze - prate - oare talen werkenne</p> | <p>Fakkennis: Net fan tapassing</p> | <p>21st-ieske feardigens en krytysk tinke: kompjûtergebrûk - beskriuwing - refleksje – oerdraachbere feardichheden</p> |

Feed-back

Foarbylden fan
yplemintaasje



| | |
|--------------------------------------|---|
| Reaksje / feedback dosint | “Wat in leuke opdracht, ik hie dit sels nea betinke kind. It is in hiele moaie ferdjipping by it learen fan in taal en dizze taastber te meitsjen. Sa sjogge learlingen gelyk dat harren learde taal in soad te sjen is yn de iepenbiere romte yn lannen dêr’t de taal sprutsen wurdt.” |
| Reaksje/ feedback studint | “Ik hie noch nea fan taallânskip heard. Mar ik fûn it leuk om te sjen hokker talen der allegearre brûkt wurde.” |